



2051

UTOPIA IRAGAN

- EKAITZ GOIENETXEA CERECEDA -

bestehitzak
|||l|

otherwords
|||l|

Omslach yllustraasje: Jaione Ortiz de Zarate Elorriaga

Omslach ûntwerp: Ekaitz Goienetxea Cereceda

Foarby Utopia

2051

oarewurden

|||||Wordopias

Oersetting: Janneke Spoelstra

Grillige wolken driuwe oer, meitsje hieltyd feroarjende patroanen yn 'e blauwe loft. Se foarmje, fierder blaasd troch súdlike wynfleagen, kroljende bargesturten oan 'e himel. De fjoerige bol, dy't boppe de kime hinget, skilderet de loft yn ferskillende tinten. De kleuren fan 'e opkommende sinne ferspriede har oer it wide kanvas fan 'e loft. Readich pears. Helder oranje. Plakken fan giel en blau. Se feroarje en groeie as útranners fan wetterferve, fûnkje en gloeie, wylst se dûnsje oer it dak fan 'e wrâld. Refleksjes en skaden dûnsje licht oer it metaaleftich glânzjende oerflak fan 'e see.

De sinne lit de snie op 'e hege toppen rane.
It razende wetter stoart de delte yn, in net te stuitsjen stream.

Fier fuort, yn it wide lânskip, in swarte stip, dy't mei grutte faasje beweecht, in streek lûkt en dan yn syn beweging it spoar útwisket. Hy skeart oer it oerflak sûnder de grûn te reitsjen. Oer alle strûken. Under alle wolken. Troch it lânskip glydzjend as in slang. In ronfel fan lucht folget him oer de gerzige flakte. Hy beweecht de fierte yn. Hy giet oer de fiere kime.

Oan 'e kime leit utopia. Dat is wat de âlde ferhalen ús fertelle teminsten. Mar mei alle stappen dy'tst derop tasetst, beweecht it ien stap tebek. It is ûnmooglik te berikken. Wat fûleindiger oftst der efteroan giest, wat mear it fuortglûpt. Dat wat hat men dan oan utopia? Krekt dat, sizze de âlde ferhalen. It trunet dy oan.

Trein 2051 gie oer de kime en ferdwûn foarby utopia.

Finisterre. Mesopotamië. Khunjerab. Fan it westen nei it easten. Fan it suden nei it noarden. It hiele geografyske kontinint. Susa. Ethiopië. Obaba. Nammen fan plakken dy't noch libje yn 'e mûnlinge oerlevering; plakken dy't op gjin kaart mear te finen binne. Karakorum. Samarkanda. Xian. Ofstannen en grinzen binne útwiske. Mear as yn hokker oare tiid ek hat de beskaving de wrâld yn syn greep, ûnder de hearskippij fan beweging.

Yn plak fan oer izeren rails te riden lykas de lokomotiven út it ferline, rydt trein 2051 troch in fuorge dy't yn 'e fierte tinken docht oan in kanaal. It is as rydt er oer in fine tried, as in glêde, aerodynamyske wynwizer. Magnetysk swevend. Sûnder obstakels. Sûnder te sliten. As er foarbykomt, bliuwt in tinne streek efter op 'e grûn, in groef dy't opfolle en útwiske wurdt troch de wyn dy't yn it sok folget. Trein 2051 lit it sied fan biodiversiteit efter.

Trein 2051 rydt op wetterstof. Plestik is yn oerfloed beskikber en wetterstof wurdt wûn yn twa gemyske stadia út syntetysk materiaal út 'e see. It is skjinne beweging. It is oazon- en oseaanfreonlik. De Atlantyske Oseaan. De Noardlike Iissee. De Stille Oseaan. Yn it earste stadium wurdt it plestik termysk ôfbrutsen troch pyrolyze yn kegelfoarmige reaktoren en grutte waarmtemassa's oant it folslein frij fan soerstof is. Dêrnei wurde de produsearre gassen brûkt yn 'e troch stoom oandreaune katalytyske reformer fan it twadde stadium. 1.201 skjinne kilometers de oere. Gjin útstjit fan koaldioksiede. Troposfeer. Stratosfeer. Skjinne atmosfear. Glinsterjende oseaanen.

Fluch bewegende skieppewolkjes. Rûne tearen yn 'e loft. Yn hieltyd grutter wurdende fertikale massa's. Dy't rein oankundigje. Sinnestrielen skine hjir en dêr troch de brekken nei ûnderen, opsletten yn in dûns mei de rêsteleaze skaden. It tafriel is fol lytse, flugge bewegingen. It puffen fan 'e stielen wynmûnen. It kideljen fan 'e boaringen yn 'e gletsjermar. It triljen fan it beäzemingsapparaat fan 'e beammen. The bochtsjende refleksjes fan fotofoltayske rivieren. De floeibere treinline dy't de eachlidden fan it lânskip folget.

De wolken wurde grutter en swarter oan 'e loft.
It sil gau begjinne te reinen.

Trein 2051 begjint stadiger te riden oant er alhiel stil komt te stean midden op 'e flakte. In proses fan transformaasje is ûnderweis. De wagon-caravans dy't der efteroan komme begjinne te feroarjen. De 6x6 modulen lykje ien te wurden; dan hâlde se ho en steapelje har op, de iene boppe-op de oare, nimme in nije foarm oan. In bûchsume metamorfoaze. Kolommen. Tuorren. Wolkeklauwers. In elastyske metamorfoaze fan stiel, lykas de meganismen dy't guon bisten ûntwikkelje neffens de wetten fan 'e evolúsje. Sa't in rûp feroaret yn in flinter. Sa't in sturtkikkert in kikkert wurdt. Sa't Gregor Samsa op in moarn wakker wurdt as in reuseftich ynsekt. Stasjonstrein. No is de wize fan transport in stêd, in stêd dy't yn twa reuseftige kolommen past, stokstil en kearsrjocht tsjin de kime stiet.

Skoft.

In ljochtflits splyt de loft. Zap.

De passazjiers binne feilich yn it reuseftige stedsstasjon. De yntermodale konnektors fan de modulen hawwe in kampearsitadel foarme, en alle ferletten fan 'e stêd wurde dêrmei temjitte kommen. Merk. Hostel. Untspanning. Minsken ferskine yn groepen op 'e boppeste balkonnen om soerstofsigaretten te smoken. Dejingen mei in húshâlding brûke dizze tiid om har neisten goeie te sizzen. Op 'e leechste etaazjes sette se lokale itensmerken en ytgelegenheden op. Dejingen dy't nei oare dingen longerje, nimme har taflecht yn koarte seksuele moetingen yn 'e sliepkeamers. Yn beide tuorren en op alle etaazjes en yn 'e gongen steane lange rigen foar de Darkrooms en de húskes. Yn 'e grutte stêd lykje de ynwenners op lytse flieën.

It swiere skaad fan donkere wolken.

Stikken fan 'e brutsen himel meitsje har klear om te fallen.

It stasjon is net in plak. It stasjon is in momint, in eachwink, in flechtige sekonde. In koart skoft yn 'e reis fan in altyd yn beweging wêzende mienskip.

In koarte pitstop dy't al hast foarby is foar't er begûn is. It is as wat bekend stie as in snein yn de âlde religieuze beskavingen. De reuseftige stasjontuorren rekke har út en begjinne harsels te ûntmanteljen. Wolkeklaauwers. Kolommen. Fûneminten. As alles ienkear teplak is, foarmje de modulen wer in netsjese, gearhingjende rige; binne it wer wagonnen. De amfibytrein 2051 jaget it súdeasten yn, fluch as de wyn.

De earste fette reindrippen begjinne te fallen. Samar ynienen brekt it wetter út de swiere wolken. Op 'e berchtoppen is in rommeljen fan tonger te hearren; te let. In kreakjen en in klap. Nimmen heart it roffeljen fan 'e stoartbui.

Geografyske ôfstân opheft. De hiele ynhâld, hjir. Yn in eachopslach. It technologyske ferâlderjen fan in ferfleine tiid útwiske. In reizgjende stêd dy't gjin kaart nedich hat. Beweging is it iennige doel en de iennige wei. In nomadyske arsjitektoanyske struktuer dy't nea ferâlderet; in te fernijen foarm fan stedsplanning, dy't altyd aktueel bliuwt en oanienwei himsels fannijs útfynt. Wer en wer. Hieltyd op 'e nij. Foar altyd. Grinsleaze mearjierrichheid.

Uneinige duorsumens.

Yn trein 2051 is alles fluch, giet alles mei presys 1.201 kilometer de oere. De ruten binne transparant, ynteraktyf, ynformative interfaces dy't brûkt wurde om 'e kleur fan it waar bûtendoar te kiezen, om de basisregels fan freedsume ko-eksistinsje te downloaden en om te stimmen op it logo foar it folgjende stasjon. In hagedis. In earn. In hynder. Omdat in logo flugger kommunisearret as tûzen talen.

Yn trein 2051 is alles online en der binne 7.111 ferskillende taalkanalen om út te kiezen. Alle tsjinsten kinne feroare en oanpast wurde om alle passazjiers yn har yndividuele ferletten en grillen temjitte te kommen. De neisyngronisearre kompjûterstim lústeret yn dyn ear. De taal dy'tst keazen hast yn dyn eartelefoan.

Yn trein 2051 is alles ûnder hânberik sûnder datst ea fan 'e stoel hoechst. Fideokonferinsjes, live-konserten, fakânsjebestimmings – alles yn in livestream op it skerm foar dy. Plakken fan plezier. Spultsjes fan it libben. Freonen om wille mei te meitsjen. Sit-app. Plazapp. Hi-app. Do kinst dy sels bejaan yn wat flirterij mei útsicht op it oangean fan yntime relaasjes troch de simultane multipleks fideoskerms.

Yn trein 2051 is alles no, presys op dit momint. Dyn smart travel ticket makket alle ynformaasje maklik beskikber foar dy. Applikaasjes om de werklike tiid te ferlingen. Nije trends yn datahannel. Oansteande koppen fan 'e profeet fan 'e takomst. "Meikoarten ferwachte, de ûntgroei-tinkdei". Alle boargers binne mei-inoar ferbûn, sjogge deselde kant út en hawwe inoar by de hân.

Ja. Just.

It is altyd waarm yn trein 2051. De omklaaiing fan it konvoai is makke fan rein en sinnereseptoren, yn gefal fan in stroomsteuring. Sels wannear't de temperatuer of it klimaat bûtendoar feroaret, bliuwt de kondisjonearre lucht yn 'e wagonnen itselde, tanksij it geotermyske magnetisearringsynstrumint dat yn 'e ûnderbûk ynboud is.

It is altyd fredich yn trein 2051. Hy omfettet alle stêden. Deselden dy't er resint ûntmantele hat en dy dy't er yn 'e takomst bouwe sil. De boarger-passazjiers binne hiel ferskillend. Yn in firtuele ochlokrasy hawwe alle yndividuen macht mei't elk syn eigenaardichheden respektarre wurde. Wolf. Walfisk. Pinguin. Help ús om it logo te kiezen foar it folgjende stasjon. Alle mieningen binne weardefol. Ast it dermei iens bist, knypeagje ienkear. Ast it der net mei iens bist, knypeagje net (iens ienkear). Tink derom datst dyn favoryt taalkanaal opsikest foardatst Stimapp iepenest.

Der is altyd ferskaat yn trein 2051. Der binne minsken fan beide seksen en allegearre ferskillende leeftiden oeral út Eurazië wei en in hiele protte ferskillende kultueren en talen. Se binne allegearre ien, allegearre meitsje se deselde reis. Binnen dit rike siedbêd fan sosjaal ferskaat, mei tank oan de oanpasbere technology, binne de wagonnen sintra fan freedsume ko-eksistinsje.

De propagandapil dy'tst trochslokke moatst yn ruil foar dyn trije munten wurdt langer en langer. Einleaze breedbân yn in tichte, smelle mouwe.

Yn trein 2051 hat elkenien de frijheid yn hannen. Boargers hoege mar trije basisregels fan freedsume ko-eksistinsje te ûnthâlden. Ien, gjin religieuze symboalen. Twa, gjin nasjonale flaggen. Trije, net gûle yn it iepenbier. Tradysjes en aktiviteiten oangeande pleatslike gewoanten, oertsjûgingen of fertriet wurde, hoewol tastien, beskôge as net passend yn it iepenbier. Dêrom wurde Darkrooms beskikber steld wêryn't yndividuen har privee oerjaan kinne oan har persoanlike gewoanten. Swarte keamers, folkloristyske swarte plakken. Om it risiko fan ferslaving te reducearjen wurdt beheind brûken fan dy Darkrooms oanbefelle.

Tink derom. Gjin religy. Gjin flaggen. Gjin depresje. Ut respekt foar ferskaat binne iepenbiere bliken of útdrukkingen fan lokale gewoanten perfoarst ferbean.

Yn trein 2051 hat elkenien respekt yn hannen. Asto tsjûge bist fan it skeinen fan 'e basisregels fan freedsume ko-eksistinsje, druk dan op 'e swarte fjouwerkante knop boppe-oan dyn haadskerm. In bywurke ferzje fan 'e regels is beskikber foar rieplachtsjen op dyn rûtinterface yn sân tûzen hûndert en alve talen. Ast twivelest, stek dan de hân op en ien fan 'e personielsfunksjonarissen yn dyn part fan 'e trein sil dy graach sjen litte wêr't de knop stiet.

Personiel yn unifoarm rint de gongpaden op en del, wizend op rûtinterfaces, mei in duorsume glim op it gesicht. Net folle passazjiers draaie har nei de ruten ta, en noch minder sjogge der ta út.

Yn trein 2051 hat elkenien in stim. Alles watst hoechst te dwaan om yn dyn eigen taal te harkjen is dyn eartelefoan ôfstimme op it goede kanaal. Om wat te sizzen hoechst allinnich in spraakberjocht op te nimmen en op 'e griene sirkel te drukken om it daliks beskikber te meitsjen foar alle ynwenners fan 'e trein-stêd. Plazapp is hjoed fol.

In einleas mozayk fan gesichten ferspriedt him oer it skerm. Do kinst ynzoome of einleas útzoome, om alle persoanen dy't op alle plakken yn alle modulen yn alle wagonnen sitte yn 'e gaten te hâlden.

In fikse knaap dy't alhiel opgiet yn in DJ-sesje, de hannen oer de eartelefoan klamme, de holle beweecht mei op 'e maat fan 'e muzyk. Ien dy't in allergy hat, prúst mei in reade noas oer it hiele skerm. In live gaming ferslaafde hypnotisearre troch ljochtflietsen, in lilke tear op it gesicht mei't er besiket it folgjende nivo te berikken. Immen dy't in leppel woest oer de boaiem fan in lege yochertpot skrabbet, wisberet om alle lêste bytsjes te krijen. In sliepend ûnsjoch fanke, dat lûd snoarket en fier fuort yn dreamelân is, wylst in lange flibesliert by har opblaasber reiskessen delrint. In begjinnende fioelspiler, dy't syn toanljedders oefenet. In ferkeaper fan siden doeken, dy't syn hannel mei in frustrearre útdrukking op it gesicht toant. Yn wanhoop skoot er de doeken oan 'e kant en biedt er de eartelefoan oan 'e wegereftige keapers oan. In karaoke leafhawwer dy't, hoewol't se har der mei hert en siel yn smyt, net yn 'e gaten liket te hawwen dat se falsk sjongt, omdat it folume yn har eartelefoan sa lûd is. In bern dat blau oanrint fan it gûlen. Ferslachjouwers dy't har tarotkaarten rieplachtsje yn in fergees besykjen om by te hâlden wat der allegearre bart. Tiidhannelers, dy't senuweftich roppe. Firtueel profyl-sjirurgen dy't oer spesjale oanbiedingen prate. In frou yn in reade jurk dy't derút sjocht as in miaukjende maartske kat. In toefhin-hoanne dy't op it ferkearde momint fan 'e dei kraait. In pear anonime yndividuen mei skieppemaskers bletterje nei in ferdwalde skieppehoeder. In krie mei in strik foar is it yn 'e wei dat er swart is. In net sêd te krijen kloft feroaret yn keunstmjittich wildlife yn in trein sûnder oare libbene bisten (of do moatst de logobylden dêr't de minsken op stimme al meitelle). In wite knyn. In pandabear. In letter. Gjin tiid foar leafdeslietsjes. De DJ giet troch. It makket him neat út oft der al of net immen harket nei it einleaze krassen dat oer de sub-bass beat hinne heard wurde kin. Hy is him alhiel net bewust fan 'e jonge jonge dy't folslein opgiet yn 'e sesje, mei de hannen om syn eartelefoan klamme. Sels al sitte se neist inoar.

Trein 2051 winsket dy in noflikere reis.

Ik wenje yn dy trein. Hjir bin ik, neist it rût yn stoel C2 fan 'e tredde 6x6 module fan 'e njoggentjinde fan 'e stielten wagonnen fan trein 2051. De algemiene meidielingen dy't toand wurde op it haadskerm binne krekt ôfrûn. Ik haw myn trije skeamele elektroanyske munten krigen. Ik gean nei de muzykargiven; nei it harkjen nei dy kreakjende kompjûterstim tink ik dat myn earen rêst fertsjinne hawwe. Wat kalmearjends; wat akoestysk; in ynstrumintaal nûmer miskien: bit.do/2051. Ik druk op 'e griene sirkel, de opname kostet my in e-munt.

Ik bin Inko Soare, in kwalifisearre online oersetter.

Ik haw op it stuit gjin wurk trouwens, lykas de measte minsken yn trein 2051.

Hjir binne mear mooglikheden. Dat is it ûnthjit dat ús yn 'e trein stappe liet. Nije beroppen, nije talen, nije kultueren. It persintaazje wurkleazen yn trein 2051 is mear as 61%. De measten fan ús fertsjinje in pear munten mei it harkjen nei de offisjele propagandafideo. We hawwe dy munten nedich foar iten, persoanlike hygiëne en rekreative aktiviteiten. Krijst trije munten foar alle kearen datst him besjocht. Ik ken de reklame foar utopia út 'e holle.

Elk dy't himsels traktearje wol op, bygelyks, beskate lokale alkohoalyske dranken of in pakje soerstofsigaretten, of in sesje yn in Darkroom foar persoanlike gewoanten of aktiviteiten, moat óf mear propagandasesjes besjen of op ien of oare wize in baan besykje te krijen dêr't inkeld in befoarrjochte minderheid werklik kâns op hat. Nije beroppen neame se dy. Datacompilers. Enerzjy-yngenieurs. Profylsjirurgen. Hannelers yn farmaseutyske produkten.

Duorsum glimkjend persoan. Roppende ferkeapers dy't konstant lokale keapwaar útwikselje mar nea echt wat ferkeapje. Side. Lear. Katoen. Meloenen. Auberzjinen. Aromatyske krûden. O ja, alles is beskikber foar de passazjiers fan trein 2051. Skuon op 'e flier. Sokken hingje der. Lege koffers. Sûker. Sâlt. Piper. Alles, en neat.

Ik kin mei in hiel lyts bytsje ta en beweech fan stasjon nei stasjon. In folle mage, út en troch de earmholten waskje en wat soerstof. Dat is alles wat ik nedich haw. No ja, dat en in bytsje seks sa út en troch fansels. Net hiel faak, inkeld om it stasjon of sa. Gewoan om yn in ferlet te foarsjen, do begrypst it wol. Omdat trein 2051 altyd waarm is, mar iensumens is kâld en Darkroom-sesjes binne djoer.

Op it stasjon mei it wolvelogo dielde ik in hierde keamer mei in hertstochtlike frou mei donker fel. Twa e-munten de persoan foar in hiele nacht. Op it walfiskstasjon brocht ik wat tiid troch mei in fanke mei koart hier en moaie eagen. Men hat gjin wurden nedich om in eroatysk treffen op te setten. Ien eachopslach en it giet hinne. Se duorje net altyd in hiele nacht. Soms is it inkeld in fluch, healbakken orgasme en de heu!. Op it pinguinstasjon wie it ien mei ljocht hier. We fûnen in keamer foar de helte fan 'e priis. We diene de klean oan, betellen de hier mei ús kaarten en giene elk ús wei, stutsen elk in soerstofsigaret op wylst wy fuortrûnen (de lêste yn it pakje yn myn gefal).

NB: ik moat in nij pakje keapje op it folgjende stasjon.

Gjin nammen. Net ien wurd. Net iens in "sjoch dy op it folgjende stasjon". It is better sa. Want nei it neuken, neidatst neaken foar inoar oer stien hast en alle geheime koades fan dyn lichem bleatjûn hast, dan moat it al wêze datst deselde taal sprekst, mar oars binne der werklik gjin mystearjes oer om te ûntdekken.

De grouwe man dy't neist my sitten hat sûnt de trein it pinguinstasjon ûntmantele en wer fierder ried wol him net stilhâlde. Hy praat tsjin it skerm foar him yn in soarte fan oriïntaalske taal, in dialekt fan earne oan 'e súdeastkust, tink ik. Ik ferstean der net in wurd fan, mar de hurde toan fan syn stim giet dwers troch de ynstrumintale muzyk hinne dy't út myn eartelefoan komt. Der wurdt spanning opboud yn myn lichem en mei syn kreakjend praat nimt myn al net al grut geduld gau ôf. Mar ik doar net in wurd te sizzen. Sels al hat er in stim as in skrille fluit, syn lichem en gesichtsútdrukking binne swier en ernstich. En dêr komt by, alle besykjen, it docht der net ta hoe lyts, om in petear oan te knoopjen mei in meipassazjier, wa't dat ek mar is, wurdt beskôge as it toppunt fan ûnfatsoen yn trein 2051. Om mar net te praten fan útsûnderlik frjemd hâlden en dragen.

Ik wol my konsintrearje op myn ynstrumintale muzyk.

Ik druk de eartelefoan tichter tsjin de earen, besykje alle steuring fan bûten op te kearen. De grouwe man neist my hat trije finsters tagelyk iepen op syn skerm.

Trije gesichten, en hy, en allegearre prate (of teminsten maneuvlje) se tagelyk. Ien beweecht de earms op en del, slacht om him hinne as besiket er wat oan te wizen bûten de râne fan it skerm. Syn hûneftich gesicht is helderread en ik stel my foar dat er blaft as in Rottweiler. In oarenien glimket in lyts, slûchslim glimke, wylst er sydlings yn 'e kamera sjocht as lústere er watfoar ynformaasje er op it stuit ek oerbringt yn syn kraach.

De tredde persoan beweecht hieltyd it ramt fan 'e kamera út en springt der dan wer yn as om de persoan dy't sjocht kjel te meitsjen, foar't er dûbel slacht fan it laitsjen. Ik bin der net hielendal wis fan tsjin wa't de grouwe man dy't neist my sit praat, of dat yndied ien fan 'e trije minsken op it skerm nei him harket, mar hy hâldt him net in tel stil, net iens om te sykheljen. En der komt in ôfgryslke stank út syn earmholten.

De muzyk yn myn earkes is opholden. Se hawwe alle monitors útdien. Alles wat ik no sjoch is myn gesicht dat wjerspegele wurdt yn it swarte skerm foar my. Ik sjoch der wurch en útput út; wâlen ûnder de eagen, fettich hier en in tin burdsje. Ik kin my mar better skeare op it folgjende stasjon. Neidat ik in soerstofpakket kocht haw.

Ik hear de bekende toanen dy't foarôfgean oan 'e ynformaasje foar passazjiers yn myn eartelefoan. *"Hjoed is de ûntgroei-tinkdei. Lit ús in momint stil wêze en betinke."* It ikoantsje foar stilte ferskynt op it skerm, in finger tsjin in pear lippen. As ik de eartelefoan fuorthelje, realisearje ik my dat de grouwe man neist my oerein gien en fuortrûn is.

Yn 'e wagon hearsket stilte. It sintrale netwurk hat alle elektroanyske apparaten útset. It iennige lûd is the subtile tragens fan 'e beweging fan 'e trein.

Yn it rût ferskynt stadich in spûkstêd fan rjochts, fier fuort, oare kant in grutte flakte. De gebouwen binne djip swart fan ferlittenens.

Elkenien yn 'e trein stoarret nei de ruten. We binne ús der allegearre fan bewust dat in tekken fan stilte oer alle wagonnen fan trein 2051 fallen is. We binne allegearre, elk foar oar, mei stommens slein. We fiele in huver, as in sucht fan surrealistyske lucht op ús fel. Hûnen, skiep, krieën, jonge hoannen – alles wat libbet hâldt de siken yn. Net ien bern dat gûlt, net iens in jammerjen. It is in moment fan stilte om respekt te toanen foar it ferline en foar it oantinken dêroan, sadat de Kâlde Oarloch fan 'e Bou-wedrin nea wer barre sil. 75 jier binne foarby. Fiifensantich sekonden. Ien sekonde foar elk jier. Ien. Twa. Fiifensantich.

De spûkstêd beweecht nei links, ferdwynt op it lêst út it finster. It swart fan ferlittenens giet ek fuort, ferdwynt mei de gebouwen.

De elektroanyske ynstruminten fan 'e trein dogge it wer, tagelyk (sa liket it) mei de lûden en drokte fan 'e passazjiers. De wagon is wer fol mei it gewoane kollektive rûzemuozen: gûlen, snoarkjen, roppen, falsk karaoke sjongen, toanljedders op 'e fioele, miaukjen, bletterjen, krassen fan in krie en op 'e ferkearde tiid kraaien. Net te ûntsiferjen. Net te ûnderskieden. Alles troch inoar hinne.

Elk hat wer oppakt wêr't er fan tefoaren mei oan 'e gong wie. Sawol de wurkleazen as dy mei in betelle baan.

De wurkjende minderheid ferdwynt troch it gongpaad omdat de datacompilers, profylsjirurgen, enerzjy-yngenieurs en duorsume personiëlsleden allegearre nei har wurk drave. Automatyske boargers dy't inkeld útrêste op 'e koart besteande stasjons en by de koarte mominten fan stilte ta oantinken oan de ûntgroei. Se neame it in wurksom libben, mar it is eins in libben fan wurk.

In nij persoan giet neist my sitten. It is in frou. Se draacht in servet as masker. Har earen binne bedutsen troch in eartelefoan. Ik bedek mines en besykje werom te finen wêr't ik earder nei harke, sels al wit ik dat it net langer beskikber is. Wer in munt minder.

In alarm ferskynt op 'e skerms.

Ik set myn eartelefoan ôf mar de wagon is krekt as dat er altyd is, fol mei gaoatyske kollektive drokte. Net ien skynt lêst te hawwen fan it flitsljocht. Elk praat gewoan troch tsjin syn skerm. De passazjiers hawwe in filter fan ûnferskillichheid ûntwikkele foar it reade ljocht. De wolf komt de wolf komt de wolf komt. Net mear ferûntrêstend nijs as dit nimme se waar, as it reade ljocht oan giet. De sirene dy't giet, tagelyk mei it alarmljocht, kinst hast ûnmooglik hearre boppe it konstante leven fan 'e wagon út.

De oarsaak fan it alarm ferskynt op it fideosurveillânseskerm: in âld man is oppakt foar ekshibisjonisme. Hy stiet midden yn it gongpaad mei de oerjas iepen, de earms wiid útspraat, it skom op 'e mûle en út alle macht roppend (kinst net hearre wat er presys seit). Hy lit in T-shirt sjen, it boarst grutsk foarút, hinne en wer draaiend yn it gongpaad. Is it in T-shirt fan in nasjonaal sportteam? Ik wit it net. Mar ôfgeand op syn entûsjasme en op hoe graach oft er it sjen litte wol, soe ik sizze dat it fan ien fan 'e âlde naasjes wie. Ik tink dat er syn kâns grypt hat yn 'e sekonden fan stilte om syn loyaliteit oan 'e wrâld te ferkundigjen. En dan noch mar in lyts part dêrfan. It is in útstalling fan nasjonalisme hjir hiel tichteby, yn wagon nûmer santjin. Mar twa wagonnen fierder, hoewol't net ien der ek mar de minste oandacht oan besteget.

De frou neist my sjocht nei de propagandafideo, wylst se hinne en wer knipt tusken de taalkanalen yn har eartelefoan.

Yn 'e live feed op it skerm stjoert it personiel de âld man it gongpaad op. Ik ferwachtsje dat se him diagnostisearje sille mei folkloristysk-affektive steuring. *"Alle útdrukking fan lokale gewoanten kin tsjin dy brûkt wurde."* Gûlen, bidden of hokker proklamaasje ek fan nasjonale grutskens. It lichem hat soms sa syn ferlet, en ik sjoch dêr gjin kwea yn; ik begryp wêr't er weikomt, mar man, yn 'e goedichheid, dêr binne de Darkrooms foar. *"Gjin religy, gjin flaggen, gjin fertriet"*. Behearskje dy, maat, sa dreech is it net.

In swarte foarm fan in bepaald soarte sûzet foar it rût lâns. Dêr en fuort yn in eachopslach. In stasjon dat der al lang net mear is, sûnder namme. Mei oare wurden, ien fan 'e âlde stasjons. Sels as it in namme hie, soe der gjin tiid wêze om dy te lêzen. Foar it neist fan foar de Ynternasjonale Bou-wedrin Untwapeningsoerienkomst. We binne no yn 'e woestyn. *"Wat sil it logo wêze fan it folgjende stasjon? Stim op jo favoryt!"* Wolven. Walfisken. Pinguins. Minsken hawwe oanstriid om útstoarne bisten te kiezen as logo foar in stasjon. Earnen. Skyldpodden. Letters.

De frou neist my knipt noch hieltyd troch de taalkanalen op har eartelefoan.

Der is wat mei har. Se hat donker fel en hat tattoos yn 'e nekke, op 'e skouders en earms. Se draacht in bûnt wiid topke en hat in lyts learen hântaske fol mei buttons, spjeldsjes en flapkes. Net útkjimd swart hier om it gesicht: lytse noas en swarte eagen fersierd mei donkerblau eachskaad.

Se is oantreklik en (wedzje ik) har bewust fan dat feit.
As se it masker ôfdie, soe der grif in glim ferskine.

Der is wat mei har. Miskien is it har sigeunereftich donker fel. De bantsjes fan har topke hingje loom oer de skouders en ik doar te wedzjen dat se der neat ûnder draacht. It is foar my alhiel net dreech om my it fel foar te stellen dat oan it paad leit by de tattoos yn 'e hals en op 'e skouders lâns nei it boarst. De suggestje fan 'e frijheid dy't ûnder har wiid topke ferskûle leit fjurret myn ferbylding oan. Se nimt in pufke soerstof en blaast dy dan út, nei ûnderen yn har topke.

Tink derom datst in pakje keapest op it folgjende stasjon.

Of miskien is it har rook. De rook dy't de frou oer har hat is op ien of oare wize bekend, op ien of oare wize echt. Boppe de permaninte rook fan nijichheid yn 'e wagon út is der noch ien dy't hingjen bliuwt - breed, lang en stadich.

Se sjocht nei my.
Dan nei myn oantekenboekje.

Wie dat in lichte wink yn 'e blauwe hoeken fan har eagen?
Glimke se?

Se set it masker ôf en ja, der spilet in glimke om har mûle.
Se glimket en sjocht nei myn oantekenboekje.
O nee.

- Tanke
- (...dit kin net wier wêze...)
- It is prachtich, watsto oer my skreaun hast, oer hoe't ik rûk en sa. Ik fyn it moai.

Har glim bliuwt hingjen. Se praat tsjin my. Ik bin mei stommens slein.

- Ik bin Nora. Nora Blu. En do?
- (...)
- Kinsto prate? Of kinsto allinne mar yn dyn oantekenboekje skriuwe...?
- Ik... Ik bin Inko... Hee... spreksto myn taal?
- Ja. We hawwe deselde memmetaal, knappert.
- Ik woe net... S...sorry (doch it oantekenboekje ticht, Inko).
- Hinderet neat, do hast neat raars skreaun. Dus, do bist Inko, wier?
- Ja, Inko. Inko Soare.
- Yn it wolnimmen, Inko.

Ik bin Nora Blu. Se fertelde my har foar- en efternamme. Se spruts myn nammen lûdop út. It stiet my oan hoe't se myn namme seit, elk wurdlied dúdlik útsprekt, de *in* mei in lyts gnyske, folge troch in moai rûne *ko*.

- It is goed immen te treffen dy't deselde taal sprekt, is 't net sa? It bart net faak.
- It is my nea bard. Ik haw noch nea mei ien praat yn 'e trein, net iens yn in oare taal.
- No hoi dan. Wolkom by dit petear.

By dit petear. Op it plak dat dizze trein noch nea oandien hat. Har lûd is ûngewoan. It is in bytsje skoar en dochs tagelyk ek waarm. It is in lûd datst begripe kinst. In fol lûd, in echtenien, wurd foar wurd.

- Wêrom skriuwsto, Inko?
- Eh...omdat ik der aardichheid oan haw en omdat ik skriuwe kin wat ik wol yn myn eigen taal omdat nimmen dy begrypt. Gewoanlik.
- En skriuwsto allinnich yn dyn memmetaal of ek yn oare talen?
- Inkeld yn ús taal eins. Sels al bin ik in kwalifisearre oersetter.
- Us taal, seisto. Mar de taal dy'tsto skriuwst is dines; dines en dines allinnich, omdatst him nea oan ien sjen litst. Ast it my lêze litst, dan soe it mines miskien ek wêze kinne. Mar oant dan...

Se bûcht de earms efter de holle en linet selsfoldien efteroer yn 'e stoel. Dy ferdomde glim is prachtich. As koe it har absolút neat skele wat yn myn oantekenboekje stiet. Se hat spliterige lippen, miskien omdat se graach glimket of miskien allinnich omdat se der op byt. Se wol dat ik har myn oantekenboekje lêze lit. Se wol dat ik it har sjen lit. In bytsje ûndogensk is se, hast wat goarich. No, ik lit it har net sjen.

- Wêrom't ik skriuw? Ik wit it net... Ast tinzen op papier setst, wurde se konkreet, krije se in soarte fan fysike foarm. Se wurde echt.
- Mar binne se oars net echt?
- Tinzen? Ja kom op, ideeën binne gjin materiële dingen, dochs? Ferbylding of ûnthâld binne as mist. Se kinne maklik fergetten wurde en ferdwine.
- Dus do wolst dat se bliuwe dan?
- Umm. Ik wit it net. Miskien wol ik allinnich mar mysels earne werom sjen.
- Mar dyn oantekenboekje is stil, Inko. Witsto wat werklik echt is? Werklik fysyk?
- Wat?
- Roppe. Lit ús dat dwaan.
- Do wolst dat wy roppe? Wêrom? Net ien sil ús begripe.

Se sykhellet djip, boarst en ribben folje it wide topke, en begjint te roppen. Ik wurd der bang fan sa lûd oft se is. Ik draai de holle nei it rût. Ik kin net nei har sjen. Ik fiel my oplitten. Mar se giet gewoan troch, pakt my by de hân en hâldt dy stevich fêst. Se ropt mei de holle efteroer goaid en de mûle yn 'e loft, as besiket se in gat yn it dak te blazen. Net ien seit har dat se stil wêze moat; net iens ien draait him nei har om. Sels it personiel rint gewoan foarby mei it duorsum glimke fêstplakt op it gesicht. Gjin fermoanjen. Neat. Ik bin as troch de wjerljocht troffen. Ik begryp wat se seit. De oare passazjiers geane gewoan troch as tefoaren, allegearre opgeand yn 'e wrâld yn har eartelefoan; allegearre yn petear mei har eigen skerm. It lûdsnivo yn 'e wagon is no heger. Nora har roppen hat elk twongen om in bytsje lûder te praten, om heard te wurden boppe it leven op 'e eftergrûn út. Plazapp is fol, en lûd. Nora ropt troch sa lûd as se kin.

Se hat noch hieltyd myn hân beet en slacht mei de oare de maat, tikket op 'e stoel, tik-tik-tik, de yntinsiteit fan har tikjen jout gruttere klam oan har wurden. En sels as net ien oars dat docht, dan begryp ik har. Ik bin de iennige dy't har heart, lûd en dúdlik. Myn earen hawwe nea sa goed ferstien. Myn hert is nea sa rekke. Ik hear har djip yn myn fleis. Hieltyd op 'e nij. Wer en wer. Fjouwer wurden. Ik werhelje se hieltyd wer, mei Nora.

- Harkje hjir nei! Asjebleaf! Harkje hjir nei! Asjebleaf!

We roppe en raze troch, it hiele ein nei it folgjende stasjon.

Yn trein 2051 giet alles hurd. Yn trein 2051 is alles no. Yn trein 2051 is alles fan elkenien. Elk syn miening is essinsjeel en de Skyldpod is it logo dat de measte knypeagen krige foar it folgjende stasjon. Omdat in logo flugger kommunisearret as tûzen talen.

Wolkom op it skyldpodstasjon.

Ik haw sa'n idee dat ik dizze kear gjin tiid hawwe sil om te skearen.

Sagau't de wagonnen flierren wurden binne, rinne wy streekrjocht troch de gongen nei it hostel. Ik keapje in soerstofpakket en we hiere in keamer. Wite muorren, in breed bêd en in lyts souderrútsje. Ik doch de elektroanyske interface fan it rút út en stek ien op. Nora pakt de sigaret út myn hân.

- Ast skriuwst, moatst foar immen skriuwe.

Se azemet út yn myn gesicht.

Soerstof yn myn gesicht haw ik net de minste hinder fan.

- Ik wit net foar wa't ik skriuw. Foar mysels miskien?
- Mar wat bart der as immen oars, asto der al lang net mear bist, it oantekenboekje yn hannen krijt? O! Stel dy ris foar dat it fûn wurdt troch in oersetter! Stel dy ris foar dat hy of sy it oerset yn in stik as wat oare talen, yn oare wurden, en it dan by oare oersetters yn hannen jout en.... ho ris even! Stel dy ris foar dat de beskaving safolle feroare is dat guon wurden yn it oantekenboekje hielendal net mear brûkt wurde en...
- Dy soerstof is dy grif nei de holle stiigd.
- Soest net wolle dat dyn wurk neiteam hat? Dat it yn ien of oare foarm der noch is nei trije, fjouwer.... tweintich generaasjes?
- Mmmm...

It duorre in skoftke foar't ik de wiere aard fan har fraach begriep.

- Ik tink ik net... Nee. Ik haw nea wat skreaun mei it idee dat it der altyd bliuwe soe.
- No wês foarsichtich, Inko; sokke dingen hawwe de ferfelende gewoante om altyd hingjen te bliuwen.

Sokke dingen. Dy wurden dy't ik opskreau yn myn oantekenboekje. Dingen. Se jout my de soerstofsigaret en rommelet yn har learen tas om, se siket wat. Dan giet se op 'e hûken sitten en rommelet fierder. Ien fan 'e bantsjes falt op har earm. Har tattoo rint nei ûnderen oer it fel, alhiel oant wêr't de rûning begjint. Einlings fynt se wat se siket. In doaske lúsjefers. Se sjocht dat ik nei har sjoch, mar seit der neat fan. Ik jou har de soerstofsigaret om mysels tiid te jaan op azem te kommen.

- Wolst in spultsje dwaan?
- Hoe, mei fjoer?

Se glimket.

Dy ferdomde prachtige glim.

- Sjoch goed. Lit ús ris sjen út hokker hout oftsto snien bist.

Se pakt in lúsjefersprikje en strykt it by de sydkant fan it doaske lâns. Ffiss...it reade fosforkopke ljochtet licht systerjend op. It kopke brânt, de flam begjint knetterjend en dûnsjend stadich it stokje derûnder op te iten. We stoareagje beide nei it lúsjefersprikje. It flamke beweecht stadich mar ûnmeilydsum oer it hout nei ûnderen nei de oare ein. It sil gau Nora har fingerseinen berikke, mar Nora blaast it net út. Se makket de toppen fan har oare finger en tomme wiet mei flibe út 'e mûle en pakt stadich de ferbrânde kop fan it lúsjefersprikje dat no swart en ferskronfele is. Se docht dat hiel soarchfâldich as om de tinne tried fan hout dat de flam efterlitten hat net te brekken. Dan einlings kin se de oare hân weihelje by de stadich bewegende flam, dy't no frij paad hat nei de ein fan it lúsjersprikje en it lêste stikje wyt hout opite kin mei syn knetterjende hjitte.

It flamke berikt de ein fan syn reis, sykhellet noch ienkear, en stjert. It lúsjefersprikje is swart en ferbrând, fan ein oant ein. Nora sjocht my oan, de wynbrauwen útdaagjend omheech.

- No do.
- Mar der sitte noch mar in pear lúsjefersprikjes yn it doaske...

Se sjocht wer omleech en liket licht te skodholjen om har teloarstelling yn myn ûnfermogen om wat ek mar te begripen oan te jaan.

- Hoefolle siden hast noch oer yn dyn oantekenboekje, Inko?

Se nimt in lange, rêstige lûk soerstof en azemet noch stadiger út.

- Ik jou net folle om dingen dy't foar altyd binne.
- En dyn tattoos dan?
- Ik bin net foar altyd, leave.

Leave. Se is liik op my, mar neamt my leave. Sokke nuânses bestean net iens yn 'e talrike taalkanalen fan 'e boardkompjûter. Ik soe hiel wat oer hawwe foar in bânrecorder. Ik soe der hiel wat foar oerhawwe om dy stim op te nimmen sadat ik dy yn it plak stelle koe fan 'e libbenleaze dreun dy't men op alle kompjûtertaalkanalen heart. Wer en wer, hieltyd op 'e nij, foar iens en foar altyd. Kwelgeast, leave, besibbe geast. Echt. Wier. Fysyk. Yn 'e taal dy't my soerstof jout.

- Lêste lûkje?
- Okee.

Mar dan ynhalearret se nochris lang en stadich, sûget de lêste soerstof út de sigaret foar't se him oan my jout.

- Mar do hast him krekt opsmookt.

Se skodhollet en docht dan de mûle in bytsje iepen om my de wolk fan soerstof dêrbinnen sjen te litten; dy sweeft dêr, sûnder foar- of efterút te bewegen. Gjinnazemjen, gjinnazemjen.

- Kom pak him.

Ik benaam dy de siken
rikkerich en damp
do skuordest myn spraak út

we bieten ús op 'e lippen
om inoars wurden te iten
lekkere ritmen

lûdsmateriaal
it fleis fan 'e stim
lûd fan 'e kielen

wy binne muzyk út 'e hoale
nestele op in nâles skurte
daverjende echo's fan 'e
ierde

lûden binne woartels
memmetaal is in stasjon
neakene macht fan 'e
swiertekrêft

klacht yn dyn búk
in gjalp kin heard wurde
oan 'e foet fan 'e berch

de râne fan it fel
it membraan fan it fleis
it streamen fan it bloed

we binne syntaks
grammatikamaten
wy ús ússels

in inkeld momint
ivichheid foarby de wrâld
troch ús ymprovisearre

lit ús altyd bliuwe
hjir op it krúspunt
tusken sekonden en iuwen

Ik kin dy noch rûke yn 'e keamer. Doe't ik wekker waard, seach ik dat it lúsjeferdoaske achteleas op 'e grûn smiten wie. It wie iepen, hast leech. Der sieten noch mar trije lúsjefer yn. Miskien giest nei it húske. Dat tocht ik. Ik tocht datst weromkomme soest. Weromkomme soest om my dy glim wer te toanen. Om dyn rook op te heljen, of teminsten dyn lúsjeferdoaske.

Mar dat diest net.

Ik ferliet de keamer foar't it stasjon wer in trein waard; net iens tiid om my in feech om 'e snút te jaan. Ik naam it lúsjeferdoaske mei en stuts it mei myn oantekenboekje yn 'e bûse. It wie alles datst by my efter lietst. Net in wurd. Net in kribeltsje. Net iens in "oant it folgjende stasjon". Sokke dingen soene altyd bliuwe kinne. Neat as in oantinken, in oantinken oan dyn namme, dyn rook en dyn stim. En de fragen dy't wy inoar stelden krekt foar't wy yn inoars earms yn 'e sliep foelen en ús swit fermongen rekke op ús lichems.

- Wêr tinksto oan?
- Hast oait oerwage om gewoan út 'e trein te stappen by ien fan 'e folgjende stasjons?
- O Inko...

O god, sa't se myn namme sei, de *in* mei in lytse gnyske, en dan de moai rûne *ko*.

- ...hasto in idee hoefolle stasjons oft der noch te ûntdekken binne? It kontinint is te grut, Inko, en it libben is te koart.
- Mar wat as it plak dêr't ik hinne wol gjin stasjon hat?
- Hoe moat it dan?

In taal. In ramt om inoar te begripen. In ferhâlding, mei oare wurden. Yn 'e waarmte fan dyn lûd. Op it stuit datst foar it earst nei my glimkest, mei de fielingen dy't it hearren fan dyn lûd en it feit dat ik dyn wurden begripe koe yn my oprôpen. Neat as in leech oantinken no. Dat allinnich yn myn ferbylding libbet. In oantinken dat like maklik ferdwine kin as de wolken. Lykas it momint dat ik de soerstof stiel fan dyn spliterige lippen. Wat ik der net foar oer hawwe soe om dy oantinkens op myn geasteseach te tattooearjen; wat ik der net foar oer hawwe soe om se sa permanint yn myn brein etse te litten.

- Ik sprek fiif talen, uzes en fjouwer oare. En do?
- We hawwe se allegearre ta ús beskikking, no? Do hoechst allinnich mar it goede kanaal foar dyn eartelefoan te kiezen.
- O asjebleaft! Men kin dat amper taal neame! Dy automatyske kompjûterstim is net echt; dy hat gjin yntonaasje en ken gjin nuânses. Ast ús taalkanaal kiest, bygelyks, noch ôfsjoen fan it feit dat der in soad steuring is, wat'st hearst is net echt. It is smaakleas; neatsizzend. Dat is myn taal net.

Taal is wat ús byinoar brocht, sels as wy it net iens wiene.

- Skriuwsto allinnich yn dyn memmetaal?
- Ja. Dat giet gewoan fansels.
- Djip út dysels wei? Fan dat diel fan dy dat ferbûn wie mei jimme mem...

- Miskien. Ik haw ris lêzen dat dat it earste lûd is dat wy hearre, de see dat it fruchtwetter yn 'e limoer fan ús mem is.
- Hoe seist *goenacht* yn 'e oare talen dy'tst sprekst?

Lahko noč, добра ноќ, Gou nâcht, Oíche mhaith agus codladh sámh. Ik hie dy wurden yn jierren net útsprutsen, útsein yn in skermmikrofoan. It wie tiden lyn dat ik se útsprutsen hie foar in libjend, azemjend meiminske oer. *Goenacht.* Doe leine wy in sjoft stil, harkjend nei de stilte. *Ik hâld fan dy,* sei se ynienen. Do holdst fan my. Mar watst eins sizze woest op dat stuit wie *No goeie hear;* it kaam der allinnich oars út. *Ik hâld fan dy.* Leave. *Lekker sliepe.* Sokke dingen. De lêste wurden fan in frou dy't wist dat se de oare deis fuortgean soe, sûnder in wurd efter te litten. In synonym foar *no goeie hear.* *No goeie, Inko.*

Ik moast even wachtsje oant de modulen wer wagonnen wurden wiene en trein 2051 de reis fuortset hie. It like in ivichheid te duorjen. Ik hie in hiele wrâld efterlitten yn dy sliepkeamer, mei in timpel fan taal. Yn de âlde religieuze tradysjes, stie sa'n plak bekend as thús. In stasjon dat de muoite wurdich is om by stil te stean. In trein dy't troch in lichem rydt. De râne fan it fel. It membraan fan it fleis. It streamen fan it bloed.

Ik gie nei in húske om my in feech om 'e snút te jaan en hearde in hiele stêd dêr binnenyn, yn dat otterjende gat. In fochtich wynorkest dat ik simpelwei noch nea earder opmurken hie, dat skerp kontrastearre mei it oantinken oan dyn stim. Ofgryslík. brrt, pfft, plonk en braaah. Lûden fan ferskillende terms, fan kielen sûnder stimbannen. Alle talen mei-inoar ferbûn yn 'e riolearring, it die der net ta wa't de sprekker wie, en wa de harker. Djip fan binnen út wei. Ik sloech de hannen foar de earen.

- Ik fyn dyn tin burd moai en dyn smelle eagen, dyn kroljend hier.

Ik woe dy stim wer hearre.

Dat wie myn taal. Ik woe yn dy taal bliuwe.

Do fûnst my, Nora.

Doe't de wagonnen wer ien line foarmen wie it tiid om in sitplak te sykjen. Ik begûn troch de trein te rinnen. Fan module nei module. Fan wagon nei wagon. Trein twa nul fiif ien. Nora, werhelle ik yn mysels, wylst ik nei de gesichten seach fan 'e passazjiers dy't nei har skerms seagen. Nora werhelle ik yn mysels, wylst ik socht om it iene gesicht dat fan it skerm op sjen en nei my laitsje soe, dy ferdomde leaflike glim, dy't sizze soe *ik bin bliid dat ik dy sjoch.* Of om it oars te sizzen: *taalmaat.* Of gewoan *hoi.* Wolkom by dit petear.

Wylst ik it gongpaad delrûn, tocht ik út en troch dat ik dy seach, Nora Blu, yn 'e fierte. Ik tocht in glimp op te heinen fan dyn wyld, donker hier oer de rêchleuning fan in stoel foar my, in stoel dy't dyn donkere eagen mei blauwe lidden, dyn sigeunereftich fel, dyn topke en dy tattoo yn dyn nekke oan it each ûntluts. Mar it wie altyd immen oars, do wiest it nea. Gjin tattoo. Gjin blauwe eachlidden. Gjin glim.

Net ien seach op. Alle gesichten wiene fêstplakt oan it skerm oan 'e efterkant fan 'e stoel dêrfoar en praten tsjin hokker byld dêr ek mar projektarre wie. Allegearre. Net te ûnderskieden. Net te ûntsiferjen. Prúster jockey disk troch-allergy-pleage game yochert libben pot leech skrabjen sub-bass snoarkjende slieper liik frustrearre entûsjast karaoke ferkeaper side falsk gûlen doek ferslachjouwer bern takomst krante biblioteek tiid hanneler sjirurch senuweftich profyl kat jonge hoanne skiep hege ferkeap bûten-de-oeren skieppehoeder kraaien swart ferdwaald bletterjen krie sels.

Elkenien smiet syn húnjende wurden sûnder ophâlden nei it heldere ljocht fan it skerm foar him. Nimmen joech in oar in kâns om heard te wurden. In oanhâldende dreun. Sân tûzen alve taalkanalen yn alle eartelefoanen, mar dôf foar de persoan dy't neist jin siet. Yn trein 2051 wie alles inkeld lûd. Yn trein 2051 wie alles firtueel. Yn trein 2051 wiene de passazjiers analfabeet troch in oerdoasis meartaligens.

Ik wankele fierder. Der stiene skuon op 'e flier. Der hongen sokken. Lege koffers. Mei elke wagon dêr't ik trochhinne rûn, waarden de rigen foar de Darkrooms langer en langer. Lije oan in folkloristysk-affektive steuring like net sa sinleas dy moarntiid. Ik seach mysels oer net al te lange tiid noch wolris yn dy rige bedarjen. Hongerich nei nasjonalistyske porno. Of miskien in orgiastysk(e) seremoanje of barren. Mûnlinge poëzy dreunt út 'e lûdsprekkers, tûzenen fans yn 'e tribunes, allegearre alert. Alert op 'e melody, it rym, it boadskip. Alles yn ien taal, allegearre mei-inoar. Donderjend applaus en kollektyf jubeljen. Easken, emoasjes, gûlen...

De lange rigen fan fertrape, wanhopige nasjonalistyske pornoferslaafden dy't foar de Darkrooms stiene. Net langer it ûngemak kontrolearje koene dat opwekt waard troch de trein-mienskip dy't alle yndividuele kulturele ekspresjes ferbea yn namme fan respekt foar freedsume ko-eksistinsje en ferskaat.

Ik rûn troch hûnderten wagonnen sûnder dat immen de eagen opsloech om my oan te sjen. Sels it personiel dat ik foarbykaam op myn tocht wiisde noch hieltyd mei in duorsume glim op it gesicht etst nei de ruten en nûge passazjiers út om de bywurke ferzje fan 'e nije regels fan trein 2051 te downloaden. Net ien seach nei de ruten neist him. Mar allinne nei bûten nei wat foarby wie. Hjir spruts net ien ús taal. Hjir spruts hielendal net ien, of it moast al wêze tsjin in skerm. Hjir sei net ien in wurd. Wêr wiesto? Yn hokker wagon? Myn Nora mei it waarme lûd.

Myn leave taalmaat.

Do, dy't sei dat it libben te koart wie en it kontinint te grut om de trein te ferlitten op hokker stasjon ek. Mar de trein soe in stasjon wurde en it stasjon in trein sûnder dat immen ea in foet bûtendoar sette. Se stoareagen allegearre nei har skerms en net ien fan har seach nei in oar. Se hiene in eartelefoan oer de earen en net ien harke nei dejinge dy't neist him siet. Alles wie fluch, alles wie no, alles wie hjir, en dochts wie neat earne, neat wie elk momint en nimmen wie alhiel immen. De firtuele fluggens fan it kontinint wie wat it libben te koart makke.

In beskaving sûnder gearhing dy't as in maniak fan flechtich stasjon nei flechtich stasjon beweegde, jin amper tiid joech om tuskentroch in soerstofsigaret te smoken.

Ik wie skjîn yn ein. Ik wie úthongere en de skonken koene my amper oereinhâlde nei't ik troch talleaze wagonnen sjoud wie om dy te sykjen. Ik gie sitten yn it gongpaad fan rige B1, module twa, wagon santjinhûndert fjouwerentritich fan trein 2051. Neist my siet in smelle man mei in gesicht as in hagedis. Ik moast even bekomme.

Ik heinde in glimp op fan myn refleksje yn it lege skerm foar my.

- Ik fyn dyn tin burd moai, dyn lytse eagen, dyn kroljend hier. Ik sil se bewarje yn myn ûnthâld foar libbensechte fantasyen.

Ik wist datsto my sydlings warskôgest foar de flechtige aard fan ús ferhâlding. Do hiest tattoos, mar do wiest sels net foar altyd. Dat wisten wy. Ik die gjin tasizzingen en frege ek gjin. Nei de talleaze seksuele moetingen fan eardere stasjons wie flechtigens in fertroude freon. Mar oars as op dy eardere stasjons praatsto dizze kear tsjin my. Do joechst my dyn namme, it lûd fan dyn stim, de rook fan begryp fan wjerskanten, it fleis fan ús memmetaal.

Do hast in ôfwêzichheid yn myn siel snien, en sa'tst sa mei rjocht oanjoechst, sokke dingen hawwe de ferfelende gewoante om altyd te bliuwen.

Ik sette it skerm oan. Hi-app. Sit-app. Miskien soe ik dy fine kinne troch dyn skerm. Nora Blu. Gjûn gelok. Plazapp wie fol, mar do wiest yn gjûn fjilden of wegen te sjen. Gjûn firtueel profyl dat oerienkaam mei dyn namme of gesicht. Miskien joechsto my in falske namme. Of hast in sjirurch frege om dyn firtueel profyl te feroarjen? Wiesto miskien ien fan dy seldsume wêzens (lykas de stasjonlogo's, lang útstoarn) dy't gjûn firtuele apps brûkten? Miskien wiesto neat mear as in wynpûst yn myn ferbylding, it produkt fan útweidzjen, eat dat ferdwynt sa't it oantinken oan dy ferblikket?

Nora Blu. Ik haw in stimberjocht upload en wachte, hope datst antwurdzje soest. Har-kje-hjir-nei, asjebleaf.

Ik helle it lúsjefersdoaske út 'e bûse. Ik stuts ien fan 'e trije oerbleaune lúsjefers oan. De man mei it hagedisgesicht dy't neist my siet, rûkte it net iens; foar him bestie de wrâld bûten de râne fan syn skerm gewoan net. Ik besocht it lúsjefersprykje fan it iene ein oant it oare op te brûnen, sa'tsto my foardien hiest, pakte foarsichtich de ferbrânde kop mei twa mei flibe wiet makke fingerseinen, sûnder it tinne swarte triedsje te brekken. Miskien tocht ik dat as it my slagge, op ien of oare wize in antwurd op myn berjocht op it skerm ferskine soe. It wie hast as in oanroppen.

Ik woe leauwe dat it mooglik wie, dat sels as ik dy net fine koe, do my fine soest. Op de interface. Ta it rût út sjend. Op 'e taalkanal. Earne.

Help ús om it logo te kiezen foar it folgjende stasjon. Ast it dermei iens bist, knypeagje ienkear. Knypeagje oars net, net iens ien kear, oant it skerm ljocht dyn netfluezen ferbrânt en do it net mear útstean kinst. Want in logo kommunisearre flugger as tûzen talen. Tink derom datst dyn favoryt taalkanaal pakst. Ferjit it mar datst in petear oanknoopje kinst mei de persoan dy't neist dy sit. Har-kje-hjir-nei, asjebleaf.

De flam gie syn wei.
Ferbiningsen. Links. Digitale labyrinten.

De semiotyk fan 'e logo's fan trein 2051 wie net sa ûntwurpen dat elk it begripe kinne soe; it wie sa ûntwurpen datst fergeatst dat de persoan neist dy syn eigen taal hie. Under it ûnbegryplike rûzjen fan 'e kollektive fauna fan 'e trein, en boppe de bubbel kreëarre troch elk yndividu syn eartelefoan. Wy wiene allegearre analfabeet. Yn namme fan firtuele freedsume ko-eksistinsje.

Hokker taal soe de man mei it hagedisgesicht neist my sprekke?

It slagge my om it hiele prikje op te brânen. Mar der barde neat. Myn hoop om in antwurd fan dy te krijen ferdwûn mei de lêste reekslierten. Plazapp wie fol, en myn wanhopige oprop oan dy waard stadichoan begroeven ûnder tûzen oare berjochten, allegearre net iepene en net lêzen. Nora Blu, hast it heard? Hast miskien in antwurd stjoerd dat op syn bar ferlern gie tusken de tûzenen weirekke berjochten? Ferdwale wie de iennige wei. De trein gie fierder. 1.200 lûdroftige, dôve en analfabete kilometers de oere, wer en wer, altyd mar trochgeand, ûneinich ûndraachlik.

Ik skreau foar dy.

As ik dy net fine koe, dan wie der miskien in mooglikheid datsto, teminsten, dit oantekenboekje fine soest. Ik woe leauwe datsto oan 'e oare kant fan 'e side wêze koest; ik hold wanhopich fêst oan it idee datsto dizze wurden lêze soest, wanhopich te witten datsto de taal fan dizze sinnen begripe, hearre en fiele soest. Om wis te wêzen dat wat ik die echt wie. Ik hie dy nedich, Nora. Ik hie dy nedich om oan te skriuwen, tsjin te praten. Sels al hie ik it gefoel dat ik mei elke side dy't ik skreau ien stap fierder fan dy ôf rekke.

Wat hiest oars oan utopia?

En wat as myn oantekenboekje immen oars yn hannen falle soe yn in fiere, fiere takomst? Ik soe der ek net altyd wêze, mar sokke dingen as skreaune wurden miskien wol; sokke dingen hiene de ferfelende gewoante om der altyd te bliuwen. Mar dan, wa soe *Sto* wêze? Asto immen oars wêze soest, yn plak fan Nora Blu, as oare eagen dit lêze soene, foar wa skreau ik dan?

Oantekening foar dy: ik ferûntskuldigje my foar alle flaters en trochhellingen.

It spyt my dat ik Nora's gesicht foar dy beskreaun haw, o hoopfolle hypotetyske lêzer fan 'e takomst. It spyt my dat ik har donker fel en de tattoo dy't nei ûnderen krûpte yn har wiid topke ôfskildere. It spyt my dat ik de oandacht fêstige op 'e rook fan har tizich krolhier en har donkere eagen mei blauwe eachlidden.

Ik freegje my ôf wat taal oftst praatst? Sa't Nora ienris sei: stel dy ris foar. Stel dy ris foar dat in oersetter dit oantekenboekje fynt en stel dy ris foar dat de beskaving tsjin dy tiid safolle feroare wie dat guon fan 'e wurden dy't ik skriuw net langer brûkt waarden.

Opmerking foar de oersetter: ik ferûntskuldigje my derfoar dat ik de betsjutting fan dy lang weirekke wurden net útlis.

Fiel dy frij dyn eigen wurden te betinken om se te ferfangen. Skriuw út dat plak djip yn dysels wei.

Wit asjebleaf dat ik (ek) foar dy skreau doe't ik dryst alles wat ik te sizzen hie oer de ûndraachlike fauna fan dizze ferdomde trein troch it rioel útspuide. Ik hie in do nedich, lit it Nora west hawwe, in oersetter, in lêzer. In ekskús om taal te brûken. Mar de wierheid is, ik prate allinnich tsjin mysels.

In hiele stêd reizge mei dy trein.

Plazapp wie fol.

Mar der wiene gjin oaren.

Ik rôp. Har-kje-hjir-nei, asjebleaf! Ien kear. Har-kje-hjir-nei, asjebleaf! Twa kear. Mear as mei oertsjûging, mei wanhoop. Har-kje-hjir-nei, asjebleaf! Trije kear. Nimmen seach nei my. De fjirde kear kaam ik der net iens alhiel trochhinne. Har. Kje. Draaide de hagedisman neist my de holle nei my ta? Unmooglik. Nee, hear.

En as ik tsjin him prate doare soe, sa'tsto tsjin my pratest? Tank, seisto, tank foar wat ik oer dy skreaun hie yn myn oantekenboekje. Ik hie dy tanksizze moatten, do joechst my de moed om te praten. Wat soe de hagedisman tsjin my sizze? Wat soe ik tsjin him sizze.

Spruts er ús taal eins wol? It soe kinne dat er seach omdat er in lûd miste doe't ik ienkear opholden wie mei roppen. Dat is alles. Mar miskien ferstie er myn taal, en bearde er inkeld as die er dat net omdat er net mei my prate woe. Foar't ik dy trof, harke ik ek leaver nei muzyk troch myn eartelefoan; gjin wurden, inkeld ynstrumintale muzyk, isolearre fan de eftergrûnlûden fan 'e wagon. En hoe dan ek, in meipassazjier freegje om syn of har eartelefoan ôf te setten waard beskôge as it hichtepunt fan ûnfatsoen. Om mar net te praten fan útsûnderlik frjemd hâlden en dragen. Wiene wy echt sonken ta it nivo fan nea inoar oan te sjen as wy wat seine? It makke neat út. Ik besleat it derop te weagjen.

Yn myn memmetaal of yn watfoar oare taal ek. Krekt sa'tsto diest, mei in glim. Der wiene ferskillende oare talen dy't ik ek besykje koe, as dy't ik goed spruts net wurken: guon dêr't ik my yn rêde koe, om't ik se leard hie yn myn oersetlessen, oaren dy't ik yn 'e fierte begripe koe troch myn hinne-en-werjen tusken de taalkanalen op 'e kompjûter. Hoe dreech koe it wêze om mei de persoan dy't neist my sit te kommunisearjen. Fan 'e sân tûzen hûndert en alve talen dy't yn 'e trein sprutsen waarden, koe ik út alve kieze.

Ik soe him gewoan oansjen en begjinne te praten. Sels as wy inoars taal net praten, koene wy manuevelje oant wy in wize fûnen om ússels fersteanber te meitsjen. Oant wy op in linguistysk stasjon stjitten. Hoi. Ik bin Inko. Sa soe ik begjinne. Ik soe in hân op it boarst lizze en sizze: Inko. In-ko. Ik soe my op it boarst klopje mei ien hân en de oare nei him útstekke, de wynbrauwen omheech, as om te sizzen: en do? Ik bin In-ko.

En do? Earst nammen. Fêststelle wa't wy binne. En dan mooglike talen. Besykje út te finen oft er in taal spruts dy't ik spruts of oft er teminsten ien dêrfan ferstean koe. Nammen en dan taal. Nee, wachtsje: earst in glim is it bêste, tink ik. In hân by him op it skouder lizze, op in freonlike wize, om syn oandacht te krijen, mar sûnder him bang te meitsjen of te yrritearjen. En dan glimkje. As it personiel, in duorsum glimke. Ja. En dan nammen en dêrnei talen. In glim, nammen en dan taal.

Wat hiene wy te ferliezen?

Der gie in alarm ôf.

Yn trein 2051 wie alles hjir.

Yn trein 2051 wie alles no.

Yn trein 2051 wie alles fluch.

Plazapp wie fol. Bylden fan 'e arrestaasje ferspraten har gau oer alle interfaces. It wie in skjinne, respektfolle, profesjonele en eksimplaryske operaasje fan it personiel, de perfekte manier om de nije fjirde basisregel fan 'e trein te yllustrearjen. Gjin religy, gjin flaggen, gjin gûlen en, de lêste, gjin oanreitsjen. De fideo fan 'e arrestaasje joech it perfekte edukatyf-ynformatyf materiaal om te yllustrearjen wat de wet fan freedsume ko-eksistinsje foarskreau dat barre soe foar dejingen dy't har net holden oan hokker fan 'e bywurke regels dan ek. Maklik te begripen foar alle kultueren, talen en rassen fan trein 2051. Gjin wurden nedich.

Dúdlik wie te sjen dat in passazjier in oarenien oanrekke op it skouder, hieltyd wer. It slachtoffer fan it misbrûk fan it skouder-oanreitsjen drukte op it alarmkoantsje op syn skerm en besocht by syn misbrûker-oanrekker wei te kommen, parste syn lichem sa fier mooglik efterút tsjin it rût oan. Fan it momint ôf dat it reade alarmljocht oangie oant de komst fan it personiel bleau it slachtoffer yn dy posysje, wat de earnst fan 'e oanfal sjen liet. Hy besocht gjin oare beweging, besocht net om de oar ek oan te reitsjen, net iens út selsferdigening, omdat dat like gefaarlik wêze soe as it op 'e nij brekken fan 'e nije fjirde basisregel.

De spanning yn 'e bylden wie te fielen. De skouder-oanrekker gie troch mei syn oanfal en ôfgriis en eangst wiene dúdlik te sjen op it gesicht fan it slachtoffer. De fielingen wiene sa yntins dat se hast besibbe wiene oan fertriet en it slachtoffer rûn dúdlik it risiko om de tredde regel te brekken. It slachtoffer siet yndied yn it nau, mar hy drukte himsels stevich tsjin it rût en slagge der op ien of oare wize yn om 'e triennen tsjin te hâlden dy't drigen yn syn eagen op te kommen. Hy hold him goed. It personiel soe gau komme en alles wer ûnder kontrôle krije. Tsiens man personiel arrivearre yn totaal, krekt sa't it nije protokol dat ynsteld wie om gefallen fan it brekken fan 'e regels fan freedsume ko-eksistinsje foarskreau: fiif fan beide kanten fan it gongpaad.

Se beaen de oanfaller fatsoenlik in masker oan en nûgen him út om djip it lachgas dat deryn siet yn te azemjen, in lachgas oanbefelle troch njoggen fan 'e tsien firtuele farmaseuten as de bêste manier om de spanning te ferlichtsjen en potinsjeel lestige situaasjes foar te kommen.

Sûnder de oanfaller oan te reitsjen nûge it personiel him earbiedich troch it gongpaad te rinnen, de duorsume glim nea wikend, net iens foar in momint. Doe sleaten se him op yn ien fan 'e ôffalrecyclemodulen fan trein 2051. In skjinne, memorabele arrestaasje, sûnder oanreitsjen, sûnder gûlen, gjin religy en gjin flaggen.

En alles op 'e minút ôf opnommen. Plazapp wie dy dei fol. It wie in goed momint om it iepenbier te meitsjen. De bylden waarden hieltyd op 'e nij sjen litten, wylst de trein syn reis fuortsette. Sadat sa'n gefal fan it brekken fan 'e regels nea wer barre soe.

It wie altyd fredich yn trein 2051. Dy soe altyd alle stêden yn him drage. De nije soe er útinoar helje, en de âlde dy't, op in bepaald punt, de takomst west hiene. Der wie altyd ferskaat yn trein 2051. Der wiene minsken fan beide seksen en allegearre ferskillende leeftiden oeral út Eurazië wei en in hiele searje fan ferskillende kultueren en talen. It wie altyd waarm yn trein 2051. As de temperatuer en it klimaat bûtendoar feroaren, koe binnen in op ien nei lêste lúsjeferprikje foarsichtich himsels alhiel oprâne, fan top ta tean, as de op ien nei lêste flam fan hoop.

Krekt foar't trein 2051 op 'e nij foarby utopia kaam, fleach ien fan 'e wagonnen yn 'e brân.

De trein ferlear ienfâldich it bûtenste fel, as in reuseftige slang. De biologysk ôfbrekber swarte resten bleaune yn it sok efter. De trein fleach fuort, fier fuort, luts in streek oer it lânskip, en wiske ûnderwilens it spoar út. In maneftich wêzen lei op 'e grûn mei de swarte resten, de lidden útstrekt.

In oare trein passearre hiel ticht by it lichem lâns, en doe noch ien. Whizzz. Nije treinen kamen en giene, as wolken dy't troch de wyn fierder dreaun waarden. Fan it easten en nei it easten. Fan it westen en troch de iuwen hinne. Fan it noarden en fan it suden. Fan nearne nei net in plak yn it bysûnder. Mei mear of minder wagonnen bouden se har stêd-stasjons, ûneinich duorsum.

Ofstannen en grinzen binne útwiske. Obaba. Ethiopië. Susa. Sûnder mûnlinge oerlevering ferdwûnen nammen. Xian. Samarkanda. Karakorum. It hiele geografyske kontinint. Khunjerab. Mesopotamië. Finisterre. Under de hearskippij fan beweging.

Grillige wolken dreaune oer, makken hieltyd feroarjende patroanen yn 'e blauwe loft. Se foarmen, fierder blaasd troch noardlike wynfleagen, kroljende bargesturten yn 'e leechhingjende wolken. De skeve sulverige moanne hong heech boppe de kime tsjin in doffe, donkergrize eftergrûn. De kleuren fan 'e stjerren ferdwûnen stadich, lyts yn 'e loft. Gjin refleksjes dûnsen op it metaaleftich glânzjende oerflak fan 'e fotofoltayske see.

De sulverige moanne skynde syn dizige glâns oer de kâlde blauwe loft. De berchtoppen waarden wer bedutsen mei snie. De seizoenen feroaren hieltyd flugger op 'e planeet dy't nimmen ea besocht.

In swarte stip dy't op twa skonken stie. In maneftich sûchdier dy't as in eameler stie en lyts oan 'e râne fan 'e ûnmjitlikens fan dat orografysk ûngefal. Hy stoarre lang yn 'e fierte, oant er ynienen in stap nei foaren die. En doe noch ien.

En doe noch ien.

Nei de kime.

Oersetting: Janneke Spoelstra